

Bêste âlden,

It is al wer in skoftke lyn dat jimme –as âlden fan it Heit&Mempanel- in enkête stjoerden. In enkête mei fragen oer de meartalige ûntwikkeling fan jimme bern. In part fan de fragen wie ynbrocht troch de dielnimmers sels; dêr woene jimme graach de ûnderfinings en ideeën fan oare panelâlden oer hearre en lêze.

Tige tank foar jim muoite om de enkête yn te foljen en de antwurden op te stjoeren. Net alle panelâlden hawwe deselde fragen krigen. Allinne as fragen relevant en passend by de taalsitewaasje fan de desbetreffende hûshâlding wiene, waard in fraach yn de fragelist foar dizze hûshâlding opnommen. Meiïnoar hawwe we rom 121 antwurden weromkrigen, ferdield oer de ferskate groepen. Hjir en dêr is oanjûn hoe grut de subgroep is dy't antwurd jûn hat op in bepaalde fraach (N=...).

Ut de analyze binne frijwat aardige konklúzjes út de enkête-antwurden te lûken. Somtiden konklúzjes dy't befêstigje wat út oare ûndersiken al bekend is, somtiden nijsgjirrige konklúzjes dêr't miskien noch ris ferfolchûndersyk nei dien wurde kin. Mar sintraal stiet de útwikseling fan de Heit&Mem-âlden ûnderling. Dat dogge wy mei ûndersteand ferslach. Miskien dogge jimme der nije ideeën mei op, ynspirearret it jim noch mear by jimme (meartalige) oanpak of wurde jimme gewoan befêstige yn wat jim al wend wiene om te dwaan.

Fragen of opmerkings? Dy binne fansels altyd fan herte wolkom en kinne rjochte wurde oan:

ynfo@sfbo.nl.

Hoe dogge en tinke oare Heit&Mem-panelâlden?

1. Alden hawwe ferskate redenen om Frysk tsjin har bern te praten

Oan alle âlden dy't Frysk tsjin har bern prate, is frege wêrom se dat dogge. Dan giet it likegoed om folslein Frysktalige hûshâldingen as om mingdtalige hûshâldingen dêr't ien fan de partners Frysk praat en de oare Nederlânsk (of in oare taal). De measte bern yn dizze hûshâldingen prate sels ek Frysk, mar der is ek in groep bern dy't foaral Nederlânsk praat. Dêrom binne by dizze fraach de respondinten yn fjouwer kategoryen yn te dielen, nammentlik:

- beide âlden binne Frysktalich en harren bern prate (meastal) Frysk
- beide âlden binne Frysktalich en harren bern prate (meastal) Nederlânsk
- ien Frysktalige âlder, bern prate meastal Frysk
- ien Frysktalige âlder, bern prate meastal Nederlânsk

Dizze fjouwer kategoryen âlden jouwe frijwat ferskate redenen wêrom't se Frysk prate. As je der wat djipper op yngeane, binne de arguminten oer it generaal te ûnderskieden yn wat mear emosjonelere en wat mear ferstanlike.

Tink by emosjonelere reden oan âlden dy't yn de enkête oanjoege dat se it Frysk tsjin harren bern prate om't :

- it harren memmetaal is
- de hiele famylje Frysktalich is
- it puer in gefoel wie
- se de taal graach oerdrage wolle op de oare generaasje
- se grutsk op de taal binne

Tink by ferstanlike reden oan âlden dy't yn de enkête oanjoege dat se Frysk tsjin harren bern prate om't:

- twataligens positive ynfloed op de ûntwikkeling fan in bern hat
- it ferstean fan it Frysk as wichtich sjoen wurdt
- it Frysktalich wêze sosjaal maatskiplike foardielen hawwe kin

Yn tabel 1.1 falt fuortdaliks op dat de wat mear emosjonelere arguminten it faakst neamd wurde. Mar, oan de oare kant liket it derop dat as it foar âlden minder fanselsprekkend is om Frysk mei de bern te praten, bygelyks fanwegen in Nederlânsktalich partner of om't de bern it sels amper prate, de mear ferstanlike arguminten ek geregeld neamd wurde as reden om Frysk te praten:

Reden fan âlden om Frysk te praten tsjin harren bern	Beide âlden prate Fr., bern prate (meastal) Fr.	Beide âlden prate Fr., bern prate (meastal) Ned.	Ien âlder praat Fr, bern prate (meastal) Fr.	Ien âlder praat Fr, bern prate (meastal) Ned.
Om't it myn / ús memmetaal is / de hiele famylje Frysk is / puer op gefoel	98%	88%	71%	84%
Om't ik de taal oerdrage wol / ik grutsk op de taal bin	25%	38%	57%	45%
Om't twataligens posityf is foar de ûntwikkeling fan de bern	6%	13%	0%	35%
Om't ik ferstean fan it Frysk wichtich fyn / sosjaal-maatskiplike foardielen	2%	13%	0%	10%

Tabel 1.1: Redenen fan âlden om Frysk tsjin harren bern te praten: Mear antwurden mooglik.

2. Alden twivelje net sa bot oer har taalkar

Oan deselde groep âlden (nammentlik de Frysktalige en de mingdtalige húshâldingen mei like goed bern dy't wol of júst net/amper Frysk prate) waard frege oft sy wol ris twivels hân hawwe oer har kar om (allinne) Frysk te praten tsjin har bern. Yn de antwurden falt op dat it tige tafalt mei de twivels of fragen dy't dizze groep âlden hawwe oer har taalkar. Der by moat opmurken wurde dat it foaral de âlden binne fan bern dy't sels ek (geregeldwei) Frysk prate, dy't net in soad fragen of twivels hawwe. De âlden fan bern dy't thús minder of amper Frysk prate, hawwe wol mear twivels. Se freegje harren somtiden ôf oft it wol goed komt mei de ûntwikkeling fan it Frysk, wat se dêr oan dwaan kinne om it te stimulearjen en oft twataligens b.g. wol past as der in fermoeden fan taalsteurnis is.

De útkomsten per kategory húshâlden is ôf te lêzen yn de folgjende tabel 2.1:

Hast wolris twivels oer dyn taalkar?	Beide âlden prate Fr., bern prate (meastal) Fr.	Beide âlden prate Fr., bern prate (meastal) Ned.	Ien âlder praat Fr, bern prate (meastal) Fr.	Ien âlder praat Fr, bern prate (meastal) Ned.
Noait	91%	56%	86%	61%
Somtiden	9%	44%	14%	36%
Faak	0%	0%	0%	3%

Tabel 2.1: Persintaazje âlden dat noait, wol ris of faak twifelt oer har taalkar

3. Alden fiele gjin ûnwissens by opmerkingen oer dat harren pjut earst allinne Frysk praat

De measte bern dy't thús allinne Frysk hearre prate oant se 3,5 jier âld binne foaral Frysk. Yn 'e hûs, mar bygelyks ek op it boartersplak en tsjin frjemden op 'e dyk. Fan de leeftyd fan 3 ½ jier ôf begjinne se dan hieltyd faker Nederlânsk te brûken.

We hawwe oan de folslein Frysktalige húshâldingen frege oft se dit byld werkenne. De measte fan dizze âlden (63%) jouwe oan dat harren bern dat ek sa die of docht. Dêrfoaroe jout 37% oan dat it by har wat oars ferrûn. Sy sketse it byld dat har bern earder as mei 3,5 jier Nederlânsk praten, fan jongs ôf oan al mear Nederlânsk (as Frysk) praten of dat it Frysk der pas letter by kaam. Dat lêste jildt benammen foar húshâldingen dy't bûten it Fryske taalgebiet wenje.

Op de fraach oft âlden wol ris opmerkingen krije oer it feit dat harren pjut allinne mar Frysk praat, jout 33% fan dizze ûnderfrege groep oan dat se yndie wol ris fragen of reaksjes krije. Dy komme dan foaral fan Nederlânsktalige famyljeleden (b.g. de eigen âlden of skoanâlden), buorlju of kollega's (al dan net fan bûten Fryslân). Opfallend is dat net ien fan dizze groep âlden dêrtroch twifelet oan har taalkar; elk wie en is derfan oertsjûge dat it mei de ûntwikkeling fan it Nederlânsk ek goed komt.

4. Frysktalige pjutten boartsje yn it Nederlânsk

Likernôch alle âlden dy't har bern folslein Frysktalich grutbringe, werkenne it byld dat har bern op in bepaald stuit Nederlânsk begjinne te brûken as boarterstaal. Dan prate bern bygelyks Nederlânsk wylst se harren autokes ride litte en prate se Nederlânsk tsjin har poppen en bearen. De âlden út it panel, dy't hjir nei frege binne, neame de leeftiid fan 3 jier en 4 jier (mei in gemiddelde leeftiid fan 3 jier en 2 moanne) dat se dat Nederlânsktalich boartsjen foar it earst hearre.

5. Pjuten dy't harren talen minge oftewol: de tuskentaalfaze

Fan in jier as 3,5 ôf begjinne Frysktalige bern dus (faak) te oefenjen mei it Nederlânsk. Earst brûke se it Frysk en Nederlânsk dan noch trochinoar. In gewoan ferskynsel yn in twatalige ûntwikkeling dy't we 'de tuskentaalfaze' neame. De measte âlden, dat wol sizze de âlden fan sawol folslein Frysktalige as mingdtalige húshâldingen, jouwe oan dat harren bern dit somtiden docht of die, nammentlik 52% (N=52).

In persintaazje fan 31% jout oan dat it hast noait barde, mar dêr tsjin oer jout 12% júst oan dat it faak bart of barde. Der by liket der gjin ferskil te wêzen tusken de bern dy't folslein Frysktalich of júst twatalich grutbrocht wurde.

Nijsgjirrich is dat de bern dy't troch harren âlden folslein Frysktalich grutbrocht wurde, gemiddeld oant de leeftiid fan 5 jier en 5 moanne de talen mikse. Guon âlden jouwe oan dat har bern noch midden yn 'de tuskentaalfaze' sitte, dus dit gemiddelde kin yn werklikheid noch wol wat heger lizze. En it giet dus om in gemiddelde: by guon bern duorret dizze faze wat langer as by oare.

Nijsgjirrich is ek dat de bern dy't twatalich grutbrocht wurde (b.g. heit Nederlânsk, mem Frysk) langer de twa talen trochinoar lykje te brûken, nammentlik gemiddeld oant 6,5 jier. Mar dizze lêste groep is in lytsere groep yn de enkête, dus mooglik net hiel represintatyf. Oan de oare kant: de útkomst fan dizze enkête komt wol oerien mei befiningen dat bern yn mingdtalige húshâldingen somtiden foaral earst Nederlânsk prate en wat letter mei it Frysk úteinsette. Nei alle gedachten set dan de saneamde 'tuskentaalfaze' ek wat letter útein (en rint dus ek wat langer troch).

Op de fraach hoe't de âlden omgeane mei de tuskenfaalfaze reagearje beide groepen grutdiels gelyk. De measte âlden besykje geregeldwei in 'ynterferinsje' yn korrekt Frysk te werheljen, in wurd of sin bewust korrijearre, of helpe mei it finen fan in wurd (meiïnoar 70%). By de Frysktalige húshâldings is ek in frij grutte groep (25%) dy't it gewurde lit.

Wat in spesifike foarm fan ynterferinsje oanbelanget, nammentlik it ferwikseljen fan de fan de tiidwurdenfolchoarder, jouwe guon âlden oan dat bern 'út de omjouwing ek net altyd it goede foarbyld krije'. Guon âlden jouwe ta dat se bygelyks sels ek de folchoarder fan de tiidwurden ferkeard brûke, of dat guon yn de omjouwing fan de bern -b.g. de learkrêft- dat ek docht.

6. Alden fine dat harren bern it Nederlânsk wol goed behearskje

Ut ûndersteande tabel 6.1 is ôf te lêzen dat de panelâlden fan de 4-8 jierigen fan likegoed de folslein Frysktalige as de mingdtalige húshâldingen fine dat har bern it Nederlânsk goed behearsket, like goed as har leeftiidsgenoatsjes dy't folslein Nederlânsktalich opbrocht wurde.

Opfallend is dat der gjin echt ûnderling ferskil yn beoardieling is tusken de beide kategoryen húshâldingen. Hast alle âlden beoardielje de Nederlânske taalbehearsking fan harren bern as 'goed' of 'it selde'. Dat betsjut dus dat de behearsking fan it Nederlânsk by de bern dy't folslein Frysk opbrocht wurde én it sels thús ek prate – yn de optyk fan harren âlden- net ferskilt fan de Nederlânske taalbehearsking fan de bern dy't thús twatalich (Frysk-Nederlânsk) grutbrocht wurde.

Bern harren behearsking fan it Nederlânsk ferlike mei (Nederlânsktalige) leeftiidsgenoatsjes (neffens ynskatting âlden)	Beide âlden prate Fr	Ien âlder praat Fr	Totaal (N=56)
Goed / itselde as (Ned.) leeftiidsgenoatsjes	83,33%	78,57%	82,14%
Krekt wat minder as (Ned.) leeftiidsgenoatsjes	11,90%	14,29%	12,50%
Krekt wat better as (Ned.) leeftiidsgenoatsjes	2,38%	7,14%	3,57%
Wit ik net	2,38%	0%	1,78%

Tabel 6.1: Bern harren behearsking fan it Nederlânsk ferlike mei leeftiidsgenoatsjes (neffens in ynskatting fan de âlden)

By groep bern dy't it Nederlânsk noch krekt wat minder behearskje as (Nederlânsktalige) leeftiidsgenoatsjes jouwe de âlden oan dat it bern somtiden (noch) in Frysisme brûkt, yn it Nederlânsk (noch) muoite hat mei de doe-tiid, of guon Nederlânske wurden minder faak brûkt. Guon âlden jouwe dêrby oan dat der yn har gefal somtiden ek sprake is fan in bysûndere omstannichheid as bygelyks wenje yn it bûtenlân of in taalsteurnis.

7. In grut part fan de Frysktalige bern hat in sterkere ûntwikkeling fan de Nederlânske taal yn fergeliking mei de Frysktalige ûntwikkeling

Fan in jier as 4 ôf binne de measte Frysktalige bern aardich twatalich; de ûntwikkeling fan it Nederlânsk makket dan in spurt, wylst it Frysk somtiden wat liket te stagnearjen. Dêrom hawwe wy twa kategoryen húshâldingen, nammentlik dy dêr't âlden beide Frysktalich fan binne en de mingdtalige húshâldingen ek frege hokker taal har bern fan 4-8 jier bêtter behearskje, it Nederlânsk of it Frysk. De ynskattingen fan de âlden binne te finen yn ûndersteande tabel.

Let op: dizze fraach is net steld oan âlden fan bern dy't nettsjinsteande harren folslein Frysktalige of twatalige opfieding sels foaral Nederlânsk prate, om't je der by dizze bern –it seit himsels- fan útgean kinne dat by har it Nederlânsk sterker ûntwikkelet as it Frysk.

Watfoar taal is sterker ûntwikkele: it Nederlânsk of it Frysk?	Beide âlden prate Fr., bern prate (meastal) Fr.	Ien âlder praat Fr, bern prate (meastal) Fr.	Totaal (N=48)
Fryske taal is sterker ûntwikkele	30,23%	20%	29,17%
Beide talen binne like sterk ûntwikkele	55,81%	40%	54,17%
Nederlânske taal is sterker ûntwikkele	13,95%	40%	16,67%

Tabel 7.1: sterkere taal fan harren bern neffens de panelâlden

Ut boppesteande tabel is (yn de tredde kolom) ôf te lêzen dat by 16,67 fan de bern dy't Frysk of twatalich grutbrocht wurde en it Frysk sels ek behearskje, it Nederlânsk dochs de sterkere taal is. En 54,17% fan de bern yn dizze groep behearskje beide talen like goed. By in minderheid (29,17%) is it Frysk de sterkere taal.

Hjir kin út ôflaat wurde dat de ferûnderstelling dat bern faak in bettere behearsking fan har thústaal hawwe yn ferliking mei har skoal- of omjouwingstaal faak net kloppet. De antwurden yn dizze enkête litte sjen dat by in grutte groep bern de behearsking fan de (Fryske) thústaal op in bepaald stuit by- of sels ynhelle troch de skoal- of omjouwingstaal: it Nederlânsk.

8. Alden besykje aktyf it Frysk te stimulearjen by bern dy't sels foaral Nederlânsk prate

Fraach 3 o/m 7 wiene rjochte op bern dy't sels ek Frysk prate. Mar der is ek in groep bern dy't – nettsjinsteande it feit dat se Frysktalich of twatalich grutbrocht wurde – sels foaral Nederlânsk praat. Oan de âlden fan dizze groep bern binne oanfoljende fragen stelt (N=40).

As earste is de fraach steld oft de bern fanôf jongs ôf oan benammen Nederlânsk praat hawwe. By de groep dy't twatalich grutbrocht wurdt (ien âlder praat Frysk) is dat yndie it gefal. By de bern dy't thús inkeld meikrije jildt dat foar sawat de helte fan de bern. De oare helte praatte earst benammen Frysk mar is dêrnei (gruttendiels) oerskeakele op it Nederlânsk. Dat barde dan faak op de leeftyd fan 2,5 of 4 jier; de mominten dat it bern nei de pjutte-opfang of de basisskoalle gie.

We hawwe ek frege hoe't de âlden it fine dat harren bern net faak Frysk praat. Ek hjir sjochst wer in ferskil tuskende Frysktalige en twatalige húshâldingen. By de Frysktalige húshâldingen jout 77% oan dat spitich te finen. By de twatalige groep jildt dat foar sawat 50%. Dy groep jout faker oan dat it yn har situaasje wol te begripen is. Mar in grut part fan dy groep jout ek oan te ferwachtsjen dat it bern letter wol wat faker Frysk prate sil; guon sjogge dêrfan ek de earste tekenen.

In fjirde fraach gie oer it stimulearjen fan it Frysk. Dogge de âlden ek noch bewust (ekstra) muoite om it Frysk by it bern te stimulearjen? It grutste part fan de âlden jout oan dat wol te dwaan. Se tinke der benammen om echt konsekwint Frysk te praten mei it bern, oaren te freegjen om dat ek te dwaan, en in soad (of allinne) yn it Frysk foar te lêzen. Dêrneist besykje âlden bern bewust te stimulearjen om sels ek Frysk te praten, bygelyks om te freegjen wat guon wurden yn it Frysk binne, te freegjen oft se eat ek yn it Frysk sizze kinne, en/of kompliminten te jaan as it bern Frysk praat. Yn ûndersteande tabel binne de antwurden op de fragen opnommen.

	Beide âlden prate Fr.	Ien âlder praat Fr.
Prate it bern altyd al foaral Ned.?		
• Ja; altyd al foaral Ned.	45%	90%
• Nee; earst prat hy/sy mear Fr.	55%	10%
Hoe fynst it?		
• Spitich	77,78%	48%
• Net sa slim	22,22%	52%
Ferwachtst dat it bern letter mear Fr. prate sil?		
• Ja		46,67%
• Nee		23,33%
• Wit ik net		30%
Besikst Fr. bewust te stimulearjen?		
• Ja	88,89%	73,33%
• Nee	11,11%	26,67%
Hoe? Troch: (<i>mear antwurden mooglik</i>)		
• konsekwint Frysk te praten	62,5%	90,9%
• dit ek oan oaren (famylje, kunde) te freegjen	37,5%	13,64%
• it bern somtiden te freegjen oft er in wurd of sin ek yn it Fr. sizze kin, út te daagjen om Frysk te praten, kompliminten te jaan.	37,5%	18,18%
• it oanbieden fan boeken/ferskes ensfh.	50%	59,1%

9. Alden lêze it meast foar yn it Nederlânsk

Fraach 9/14 binne algemiene fragen dy't steld binne oan alle respondinten. Fraach 9 giet oer foarlêzen: yn watfoar taal wurdt of waard foarlêzen en hoe faak.

It tal kearen dat dizze ûnderskate kategoryen yn it Frysk of Nederlânsk foarlêst is ôf te lêzen oan ûndersteande tabel 8.1:

Hoe faak lêst foar yn it Fryske en it Nederlânsk?	tal kearen dat âlden yn 'e wike yn it Fr. foarlêze	tal kearen dat âlden yn 'e wike yn it Ned. foarlêze
Beide âlden prate Fr., bern prate (meastal) Fr. (N=52)	3,22 kear	4,30 kear
Beide âlden prate Fr., bern prate (meastal) Ned. (N=9)	4,00 kear	2,78 kear
Ien âlder praat Fr, bern prate (meastal) Fr. (N=7)	2,57 kear	3,14 kear
Ien âlder praat Fr, bern prate (meastal) Ned. (N=30)	3,43 kear	3,67 kear
Totaal	3,31 kear	3,88 kear

Tabel 8.1: tal kearen dat panelâlden yn it Frysk en / of Nederlânsk foarlêze

Ut boppesteande tabel is ôf te liden dat der gemiddeld krekt wat faker foarlêzen wurdt yn it Nederlânsk as yn it Frysk. Foaral de Frysktalige húshâldingen mei bern dy't it Frysk sels ek brûke, lêze faker yn it Nederlânsk foar. De oare húshâldingen lêze like faak, of faker, foar yn it Frysk. Blykber beseffe dizze âlden dat it Frysk yn har gefal wat mear stipe brûke kin en sette se dêrfoar bewust in Frysktalich foarlêsmomint yn.

It is nijsgjirrich om noch efkes yn te gean op wat âlden yn de enkête as reden jouwe om mear Frysk foar te lêzen. De panelâlden jouwe bygelyks oan dat harren bern dat sels graach wolle, se de Frysktalige boekjes moai fine, it as âlden frjemd fielt om yn oare taal as it Frysk foar te lêzen, se de taal ek graach mei jaan wolle en dat it Frysk mei foarlêzen ekstra stipe wurde kin.

Oan de oare kant jouwe de panelâlden ek reden oan wêrom se mear yn it Nederlânsk foarlêze, nammentlik om't se ienfâldichwei mear Nederlânsktalige boeken yn 'e hûs hawwe, de bern sels de Nederlânsktalige boekjes útsykje, om't se as âlden fine dat se ek de Nederlânsktalige taal stypje moatte, Frysktalich lêzen harren dreech falt, bepaalde favorite lêsböeken of tydskriften net yn it Frysk beskikber binne of om't se as âlden gjin mearwearde yn Frysktalich foarlêzen sjogge.

9. Mear as de helte fan de bern dy't sels lêze kinne, lêze geregeldwei oant faak in Frysktalich boek

Ut de Heit&Mem-enkête docht bliken dat it grutste part fan (de wat âldere) bern dy't sels lêze kinne somtiden of sels geregeldwei Frysktalige boeken lêze. Yn de analyze fan de antwurden binne likegoed de bern dy't sels (geregeldwei) Frysk prate as de bern dy't dat net in soad dogge meinommen. Fan de 83 bern dy't sels lêze kinne, lêst 13,25% lêst somtiden sels in Frysktalich boek, en 46,99% lêst geregeldwei in Frysk boek. In persintaazje fan 39,76% lêst hast nooit in Frysk boek. Der kin dus konkludearre wurde dat in romme mearderheid fan de bern (geregeldwei) sels in Frysktalich boek lêze.

Op de fraach wêrom de bern fan de panelâlden sels Frysktalige boeken lêze, jouwe de âlden út it panel ferskate reden oan, lyk as dat de bern de Frysktalige boeken sels útsykje, se dy mei krije fan skoalle of kado krije fan âlden of oare famylje.

10. Frysktalige telefyzjeprogramma's en Frysktalige apps lykje net echt populêr

Wy wiene ek benijd nei it gebrûk fan Frysktalige telefyzjeprogramma's en apps. In fraach dêroer waard oan alle dielnimmers oan dizze enkête steld (dus alle leeftydsgroepen en taalsitewaasjes).

Op de fraach oft bern ek nei Fryske telefyzjeprogramma's sjogge, kamen 89 antwurden werom. Dêrfan sjocht in persintaazje fan 62,92% (hast) noait nei Fryske telefyzjeprogramma's, 28,01% somtiden en 8,99% geregeldwei.

De fraach oer it brûken fan Fryske telefyzjeprogramma's leverde 90 antwurden op. It docht bliken dat in 66,67% (hast) nea gebrûk fan Fryske telefyzjeprogramma's makket, 23,33% somtiden en 10% geregeldwei.

Der kin dus konkludearre wurde dat Fryske telefyzjeprogramma's en apps net echt populêr binne. Miskien is it nijsgjirrich om hjir yn de takomst noch ris djipper op yn te gean en te ûndersykjen wat oft de redenen dêr fan binne.

11. De Fryske taal wurdt meinommen yn de kar fan berne- of pjutte-opfang

Oan de panelâlden mei jonge bern is yn de enkête frege oft se by de kar foar in pjutte-opfang, berne-opfang of gastâlder ek sjoen hawwe nei hoe't de opfang omgiet mei it Frysk. In lytse groep respondinten (N=13) antwurde op dizze fraach. Fan dizze groep jout 23% oan dat se dêr net nei sjoen hawwe. 77% jout oan dat se dat wol meinommen hawwe yn de kar: foar 31% wie dit sels in wichtich aspekt, wylst 46% dêr 'in bytsje' nei sjoen hawwe.

12. Frysk op de basisskoallen hâldt neffens de Heit&Mem-panelâlden net oer

Wat fine de panelâlden fan de Fryske les op de basisskoalle fan harren bern? Op dizze fraach binne 52 antwurden kommen fan âlden mei skoalgeande bern. Dêrfan jout 15,79% oan dat der amper Fryske les op skoalle jûn wurdt, 45,61% jout oan dat der wol wat oan dien wurdt, mar dat yn har eagen de kwaliteit of kwantiteit dêrfan net oerhâldt, en 17,54% jout oan dat der op harren skoalle serius Fryske les jûn wurdt.

13. Grut part fan de âlden soe wol wolle dat harren bern it Frysk skriuwen leart

Yn de enkête waard ek in fraach opnommen oer it Frysk skriuwen, nammentlik: *Kinsto sels Frysk skriuwe en soest wolle dat jimme bern dat ek leart?* Fan de 100 respondinten dy't dizze fraach beäntwurde hawwe, jout 43% oan dat se sels aardich Frysk skriuwe kinne, 30% in bytsje en 17% jout oan dat se it net goed skriuwe kinne. It liket der op dat dizze selde groep âlden dat foar har bern graach oars sjen wolle. Want op de fraach oft se graach wolle soene dat harren bern Frysk skriuwe leare, jout in romme mearderheid (sa'n 72%) oan dat se dat wol graach wolle, en mar 28% dat dat fan har net hoecht.

14. De measte panelâlden prate yn oanwêzigens fan Nederlânsktalige besite Frysk tsjin har bern

Ien fan de fragen dy't in Heit&Mem-panellid graach yn de enkête opnommen sjen woene, wie in fraach oer watfoar taal as de oare panelâlden tsjin harren bern brûke as se op besite binne by Nederlânsktalige kunde of famylje? Ek dizze fraach is oan alle âlden steld.

Fan de 100 âlden dy't dizze fraach beäntwurde hawwe, jout 75% oan dat se altyd Frysk prate tsjin de bern. Sa'n 25% jout oan dat se yn oanwêzigens fan Nederlânsktalige besite faak it Frysk fêsthâlde, mar somtiden ek wol oerskeakelje. Dat is bygelyks, as se witte of tinke dat de besite it Frysk net (goed) ferstiet. 5% praat altyd Nederlânsk tsjin de bern as der Nederlânsktalige besite oanwêzich is.

15. Sprektaal tusken de bern ûnderling

In ferskynsel dat de lêste jierren hieltyd mear foar liket te kommen is in feroaring yn de sprektaal tusken Fryske bern ûnderling. Dan prate Fryske bern –nettsjinsteande dat se fan inoar witte dat se Frysk binne- Nederlânsk tsjin inoar. Dan giet it net om de 'boarterstaal' sa as yn b.g. it rollespul of frij spul (sjoch ek paragraaf 4 fan dit ferslach), mar om de taal dy't bern ûnderling brûke yn harren gewoane konversaasjes.

Fragen oer de sprektaal tusken bern ûnderling binne allinne steld oan âlden fan bern dy't it Frysk thús aktyf brûke. Yn de enkête waarden hjir twa fragen steld, nammentlik: *Watfoar taal praat jim (Fryske) bern tsjin oare Fryske bern as it giet om de gewoane konversaasjes?* En: *Watfoar taal praat jim (Fryske) bern yn gewoane konversaasjes tsjin Nederlânsktalige bern?*

Nochris foar de wissigens, boarterssitewaasjes (wêryn't bern ûnbewust faak skeakelje nei it Nederlânsk) waarden yn dizze fraach bûten beskôging litten.

De mearderheid fan 77,19% brûkt yn ûnderlinge petearkes mei Frysktalige freontsjes sels ek Frysk. 7,02% brûkt yn dizze sitewaasje likegoed Frysk as Nederlânsk. Dêrneist is der is ek in frij grutte groep (15,79%) dy't foaral Nederlânsk praat tsjin oare Frysktalige bern. Foar dizze groep liket it Frysk dus foaral in taal te wêzen dy't je wol prate mei heit en mem en faaks oare famylje, mar net mei leeftiidsgenoatsjes en freontsjes.

As it giet om konversaasje mei Nederlânsktalige freontsjes, dan sjogge de sifers der hiel oars út. Want 80,70% fan dizze selde groep jout oan dat har bern dan oerskeakelet op it Nederlânsk wylst 14,04% it Nederlânsk én it Frysk brûkt. In hiel lyts persintaazje, nammentlik 5,26%, hâldt yn petear mei Nederlânsktalige freontsjes fêst oan it Frysk.

Om't Frysktalige bern faak pas as se sawat 3,5 jier âld binne it Nederlânsk aktyf behearskje en dus it yn harren konversaasjes ek pas brûke sille, binne boppesteande sifers –nei alle gedachten- in bytsje fertekene. Dêrom binne hjirûnder yn tabel 15.1 de antwurden apart werjûn foar de groep oant 4 jier en de groep fan 4 jier en âlder:

Sprektaal fan Frysktalige bern tsjin leeftiidsgenoatsjes	bern 0 jier o/m 3 jier	bern 4 jier en âlder
Tsjin Frysktalige bern		
Frysk	88,89%	79,16%
Beide talen	11,11%	6,25%
Nederlânsk	0%	18,75%
Tsjin Nederlânsktalige bern		
Frysk	30%	0%
Beide talen	40%	8,51%
Nederlânsk	30%	91,48%

Tabel 15.1: Taal dy't Frysktalige bern ûnderling brûke yn harren konversaasjes mei Nederlânsktalige en Frysktalige leeftiidsgenoatsjes

16. 'Konsekwint' en 'folhâlde' binne neffens de panelâlden de kaaiwurden by meartalich grutbringen

Ta einbeslút waard panelâlden frege oft se tips en oanbefellingen foar oare âlden hiene. In soad âlden hawwe de iepen romte by dizze fraach brûkt om oare âlden oan te advisearjen om fol te hâlden, konsekwint Frysk te praten, sels it goede (taal)foarbyld te jaan mei dêrby faak de gerêststellende meidieling dat it mei de Nederlânske taalûntwikkeling (dan) fansels wol goed komt.